



Parseberjocht

17 maaie 2022

# Omrop Fryslân organisearret grut Hea!-feest ta eare fan 20-jierrich jubileum

It telefyzjeprogramma Hea! bestiet dit jier 20 jier en sil dat dizze simmer grut fiere mei in spesjale Hea!-dei. Op sneon 18 juny set Omrop Fryslân de doarren fan it terrein iepen om dêr, mei elkenien dy't der by wêze wol, it jubileum te fieren.

Sintraal steane de minsken en de ûnderwerpen dy't de ôfrûne 20 jier yn Hea! te sjen west ha. Sa kinst dy dei in 'meet-and-greet' ha mei bygelyks De Paus fan Ljouwert, dragqueen Curvalicious Diamond of de bruorren Douwes. Mar der binne ek kreamkes mei bysûndere sammelingen út Hea!, lykas âld ûnderguod, lúsjefertsjerken of bertekaartsjes.

Der binne demonstraasjes fan moaie ambachten en der is muzyk: foar dizze gelegenheid steane Ben en Ruurd noch ien kear tegearre op it poadium. Mar ek de doedelsekken fan de Cape Breton Highlanders binne te hearren en Jodelfrou Neeltje Nicolai jout in optreden.

Oftewol: alles datst gewoanwei yn Hea! foarbykommen sjochst is op sneon 18 juny live te sjen op de Hea!-dei by Omrop Fryslân.

## Fiel dy wolkom!

Hea! giet oer gewoane Fryske minsken mei in bysûnder ferhaal en dêrom wolle we dizze dei ek mei harren fiere. En mei it publyk dat al dy jierren trou nei Hea! sjocht. De Hea!-dei is op sneon 18 juny tusken 13.00 en 17.00 oere, fergees en foar elk tagonklik. It feest fynt plak op it terrein fan Omrop Fryslân, Suderkrúswei 2 yn Ljouwert.

## 20 jier Hea!

De Hea!-dei is de ôfsluter fan it 20 jier Hea!-seizoen, dêr't Omrop Fryslân yn jannewaris mei begûn is troch alle tongersdeis in weromblik-útstjoering te meitsjen.

## Noat foar de redaksje


Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Publyk: [publyk@omropfryslan.nl](mailto:publyk@omropfryslan.nl) of (058) 229 78 76.



Omrop Fryslân



Kom fierder



Persbericht

17 mei 2022

## Omrop Fryslân organiseert groot Hea!-feest ter ere van 20-jarig jubileum

Het televisieprogramma Hea! bestaat dit jaar 20 jaar en zal dat deze zomer groots vieren met een speciale Hea!-dag. Op zaterdag 18 juni zet Omrop Fryslân de deuren van het terrein open om daar, met iedereen die daar bij wil zijn, het jubileum te vieren.

Centraal staan de mensen en de onderwerpen die de afgelopen 20 jaar in Hea! te zien zijn geweest. Zo kun je die dag een 'meet-and-greet' hebben met bijvoorbeeld De Paus van Leeuwarden, dragqueem Curvalicious Diamond of de broers Douwes. Maar er zijn ook kraampjes met bijzondere verzamelingen uit Hea!, zoals oud ondergoed, luciferkerken of geboortekaartjes.

Er zijn demonstraties van mooie ambachten en er is muziek: voor deze gelegenheid staan Ben en Ruurd nog één keer samen op het podium. Maar ook de doedelzakken van de Cape Breton Highlanders zijn te horen en Jodelvrouw Neeltje Nicolai geeft een optreden.

Oftewel: alles dat je gewoonweg in Hea! voorbij ziet komen is op zaterdag 18 juni live te zien op de Hea!-dei bij Omrop Fryslân.

### Voel je welkom!

Hea! gaat over gewone Friese mensen met een bijzonder verhaal en daarom willen wij deze dag ook met hun vieren. En met het publiek dat al jaren trouw naar Hea! kijkt. De Hea!-dag is op zaterdag 18 juni tussen 13.00 en 17.00 uur, gratis en voor iedereen toegankelijk. Het feest vindt plaats op het terrein van Omrop Fryslân, Zuiderkruisweg 2 in Leeuwarden.

### 20 jaar Hea!

De Hea!-dag is de afsluiter van het 20 jaar Hea!-seizoen, waar Omrop Fryslân in januari mee begonnen is door iedere donderdag een terugblik-uitzending te maken.

### Noot voor de redactie

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Publiek: [publyk@omropfryslan.nl](mailto:publyk@omropfryslan.nl) of (058) 299 78 76.



Omrop Fryslân



Kom fierder